

Ornearre foar:  
Piet & Anneke Herrema  
Lânsbuorren 5  
9262 VA Sumar

Ûnderwerp: Plombrief

Ljouwert, july 2022

Achte hear en frou Herrema, bêste Piet en Anneke,

Foarrich jier wiene jimme foar it lêst belutsen by it Frysk Bûsboekje. Anneke siet fan 1987 oant 2003 yn de redaksje fan it Bûsboekje, Piet rêde fan 1987 ôf mei de distribúsje. Tegearre hawwe jim tûzenen Bûsboekjes teplak brocht yn boekwinkels en kiosken rûnom yn Fryslân. It bestjoer fan de Ried hat besletten om dêrfoar in plom te jaan yn de foarm fan dizze brief.

### Wêrom in plom?

It meitsjen en de distribúsje fan it Bûsboekje is elk jier wer in hiele operaasje. It Bûsboekje soarget dat mear as 2.750 brûkers elke dei in stikje Frysk lêze kinne. Troch jimme trouwe ynset is dat 35 jier lang mooglik makke. Jierliks moasten jimme wol tûzen kilometer ride, troch drokke winkelstrjitten, soms op plakken sûnder parkearmooglikheden. Dêr kaam dan it gebealch mei doazen noch by. De Ried wie ienriedich yn it oannimmen fan it foarstel fan de redaksje om jimme in plom te jaan.

### Gjin beweging sûnder frijwilligers

Sûnder de praktyske help fan frijwilligers soe it de Fryske beweging net slagje om syn doelen te berikken. Net al dy wurksumheden binne sichtber foar it grutte publyk, mar dêrom perfoarst net minder belangryk. Piet en Anneke, jimme binne in moai foarbyld foar al dyjingen, dy't har ynsette foar de Fryske taal.

Mei freonlike groetnis,

Arjen Dijkstra  
Waarnimmend foarsitter

Nynke Beetstra  
Skriuwer